

Examen HAVO

2015

tijdvak 1
donderdag 28 mei
9.00 - 11.30 uur

Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 35 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 45 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.

Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

Tekst 1 De wolf hat neat te sykjen yn Nederlân

- 1p 1 Wat is it ferbân tusken de sinnen “De earste ... it gewear.” (r. 1-4) en “Dêr rûnen ... de feiten.” (r. 4-5)?
De twadde sin is in
A befestiging fan de earste sin.
B nuansearring fan de earste sin.
C tafoeging by de earste sin.
D útlis by de earste sin.
- 1p 2 Wat is it ferbân tusken “Tagelyk makket ... grutte wolvepopulaasjes.” (r. 17-19) en alinea 3?
A It is in foarweardlik ferbân.
B It is in konkludearjend ferbân.
C It is in oarsaaklik/redenjouwend ferbân.
D It is in tsjinstellend ferbân.
- “de feehâlders krije de jagers al oan harren kant, dy’t yn de wolf in jachtkonkurrint sjogge.” (r. 56-58)
- 1p 3 Lis út wat dy konkurrinsje ynhâldt.
- 1p 4 Hokker foardiel sjogge jagers yn de komst fan wolven nei Nederlân ta?
“soe sa’n bist dat him net oan de regels hâldt, dochs ‘ferwidere’ wurde moatte” (r. 69-71)
- 1p 5 Wêrom stiet it wurd ‘ferwidere’ yn de tekst tusken skrapkes?
A De skriuwer drukt him op fersachtsjende wize út.
B It is troch de skriuwer net sa serieuus bedoeld.
C It wurd wurdt net hielendal korrekt brûkt.
- 3p 6 Neam trije saken dy’t Alterra regelje wol mei it each op de komst fan wolven nei Nederlân ta. Helje dyn antwurd út de alinea’s 6 en 7.
- As de wolf nei Nederlân ta komt, hat dit foar boeren neidielige gefolgen.
- 2p 7 Hokker twa negative konsekwinsjes kinst út de alinea’s 6 en 9 helje?
- 1p 8 Sitearje de sin út de alinea’s 6 oant en mei 8 dy’t útleit wêrom’t it wichtich is om no al nei te tinken oer wat te dwaan as in wolf oerlêst jout.

- 1p 9 Wat is it ferbân tusken “foar it bewekjen fan de sûnens fan de wolven” (r. 87-88) en alinea 9?
- A It is in ferlykjend ferbân.
 - B It is in konkludearjend ferbân.
 - C It is in oarsaaklik/redenjouwend ferbân.
 - D It is in tsjinstellend ferbân.
- 1p 10 Hokker advys jout de skriuwer yn alinea 10?
- A Foarkom diskusjes oer omfang fan in wolvepopulaasje.
 - B Meitsje gjin belied salang’t der noch gjin wolven binne.
 - C Stel in konkreet wolvebelied op en kommunisearje dêroer.
- 2p 11 Oer hokker twa saken binne alle belutsenen it iens wat de komst fan wolven nei Nederlân ta oanbelanget?

Tekst 2 Leaver smeerooft en nûtsjesmoar

- 1p 12 Wat is it ferbân tusken de ynliedende sinnen boppe de tekst en “Der binne ... *smeerooft*) hawwe.” (r. 1-5)?
Yn de beide earste sinnen fan alinea 1
- A wurde de ynliedende sinnen tsjinsprutsen.
 - B wurde foarbylden jûn.
 - C wurde redenen neamd.
 - D wurdt in konklúzje lutsen.
- Yn alinea 1 wurdt praat fan “úthiemske wurden”. (r. 9)
- 1p 13 Hokker wurd yn alinea 1 hat deselde betsjutting as ‘úthiemske’?
- Yn alinea 1 wurde twa typen fan minsken neamd.
- 2p 14 Jou yn eigen wurden oan hokker twa typen oft dat binne.
- Yn de tekst wurdt in tal âlde Nederlânske wurden jûn dêr’t de Bond tegen Leenwoorden (BTL) him foar útsprekke soe.
- 2p 15 Neam trije fan dy wurden.
- “De BTL fynt it lienen fan wurden gefaarlik en beskôget it as in slimme bedriging foar de eigenens fan de wurdskat.” (r. 44-48)
- 1p 16 Sitearje de slogan fan BTL dy’t oanslút by dit sitaat.

De volgende inleiding hoort bij de vragen 17 en 18.

“Salang’t de measte taalbrûkers oan de skouders lûke, bliuwt it fjochtsjen tsjin wynmûnen.” (r. 49-51)

- 1p 17 Hokker stylmiddel brûkt de skriuwer hjir?
A Hy brûkt in eufemisme.
B Hy brûkt in hyperboal.
C Hy brûkt in metafoar.
D Hy brûkt in paradoks.
- 1p 18 Wat bedoelt de skriuwer mei dizze útspraak?
- 1p 19 Wat wol de skriuwer yn alinea 5 mei it foarbyld fan germanismen dúdlik meitsje?
- 1p 20 Yn hokker alinea’s wurdt beskreaun dat ynslûpsels yn it Nederlânsk net in ferskynsel fan de lêste jierren binne?

De skriuwer neamt twa ferskillende aspekten fan “modernistyske newspeak” (r. 84).

- 2p 21 Hokker twa aspekten binne dat?

“It bewekjen fan de diken hat gjin doel. De floedgolf oan frjemde wurden is net op te kearen.” (r. 99-102)

- 1p 22 Sitearje it sinpart út alinea 5 dat itselde gefoel werjout.

“It leveret listkes op mei betochte of yn ûnbrûk rekke wurden, sa nuver en apart dat mannich Fryskprater der wat om laitsje moat.” (r. 107-110)

- 1p 23 Yn hokker foargeande alinea spile dat ek foar it Nederlânsk?
- 1p 24 Mei hokker metoade soenen neffens de skriuwer wurden as ‘snoadfoan’, ‘tsjilredens’ en ‘sjoddy’ dochs wol yn it Frysk yngong fine kinne?
- 1p 25 Hokker karakteristyk past it bêste by alinea 12?
A Alinea 12 jout de miening fan de skriuwer oer it omgean mei ynslûpsels.
B Alinea 12 jout in oplossing hoe’t ynslûpsels út in taal opkeard wurde kinne.
C Alinea 12 jout it gefolch oan fan ynslûpsels yn de taal.

Tekst 3 In popkonsert is in sosjaal barren

- 1p 26 Wat is de funksje fan alinea 1?
A Alinea 1 is de haadgedachte fan de tekst.
B Alinea 1 is de oanlieding foar it skriuwen fan de tekst.
C Alinea 1 is in anekdoate.
D Alinea 1 is in gearfetting fan de tekst.
- 1p 27 Wat wurdt bedoeld mei 'it fenomeen' (r. 11)?
- 1p 28 Wat is it ferbân tusken de alinea's 3 en 4?
A It is in oanfoljend ferbân.
B It is in oarsaaklik/redenjouwend ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 29 Wat is de haadgedachte fan alinea 4?
A De muzyk dy't falt ûnder it begryp 'spirituële muzyk' is tige ferskillend.
B De romte, dêr't de muzyk yn klinkt, jout de trochslach foar hoe't de muzyk falt.
C It boek *How music works* jout op in skerpsinnige wize in byld fan de ûntjouwingen.
- 2p 30 Lis út wat it ferskil yn aard is tusken de Westerske spirituële muzyk en dy fan de Afrikanen.

Yn de alinea's 5 en 6 wurde trije foarbylden neamd fan it effekt fan romte op muzyk. Ien fan dy foarbylden is al ynfolle yn it ûndersteande skema.

- 3p 31 Folje de oare twa foarbylden op deselde manier yn.

| muzyk(soarte) | lokaasje | effekt |
|--|----------------------|---|
| (ûnbidich stampende) gabber of hardcore | grutte sporthal(len) | galm (dêr't alle subtiliteit yn weiwurdt) |
| | | |
| | | |

- 1p 32 Wêrom is in popkonsertseal oars yn rjochte as in klassike teaterseal?
A De konsertseal moat geskikt wêze foar grutte klibers.
B Der moat by in popkonsert ek romte wêze foar de sosjale funksje.
C Popmuzyk hat ferlet fan in spesifike konsertseal foar de akoestyk.

Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.

- 1p 33 Wat is it ferbân tusken alinea 7 en de sin “De seal diktearret de situaasje.” (r. 96)?
- A It is in foarweardlik ferbân.
 - B It is in konkludearjend ferbân.
 - C It is in redenjouwend ferbân.
 - D It is in tsjinstellend ferbân.
- “Hiel ferstille ... soart romte.” (r. 104-107)
- 1p 34 Hokker foarbyld fan in oare oplossing jout de skriuwer yn de neikommende alinea’s?
- A Gefoelige konsertgongers moatte net sa seure, en harren gewoan in bytsje oanpasse.
 - B It ôftwingjen fan de winske sfear bygelyks troch muzyk sûnder fersterking te spyljen.
 - C Op it webstek fan de konsertseal in listke pleatse mei gedrachsregels foar konserten.
- 1p 35 Wat is it wichtichste skriuwdoel fan de tekst?
- A ferdivedearje
 - B ynformearje
 - C oantrune
 - D oertsjûgje

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.